

Algemiene Ledegearkomste Fryske Nasjonale Partij

Digitale Hybride gearkomste mei ZOOM op sneon 12 desimber 2020 om 14-17 oere by “Annage” te Earnewâld

Ferslach

- 1) **Iepenjen en algemiene meidielingen:** Foarsitter Wouter Wouda iepenet dizze spesjale gearkomste. Troch de Corona maatregelen hâlde wy dizze AL online, fia ZOOM. It HB sit op lokaasje by Annage, Earnewâld, en de leden fergaderje thús mei online. Wouter hjit elkenien fan herte wolkom. De chat stiet ek oan, sadat elkenien reagearje kin en as it moat/mei/kin “de flier” pakke (foar de kamera, dat elkenien it sjocht en heart). De wurklist wurdt fêststeld sûnder wizigingen.
- 2) **Ferslach AL novimber 2019:** Der binne al wizigingen ynbrocht troch Jan Hiemstra fia de mail. Dizze wizigingen sille yn it ferslach ferflochten wurde. Fierders ferslach akkoart mei tank oan de skriuwster.
- 3) **Jierferslach 2019:** Der binne gjin opmerkingen yn't foarren binnen kaam oer is ferslach, dus dit ferslach wurdt fêststeld, mei tank oan skriuwster Annigje.
- 4) **Mûnling ferslach Kaskommisje (Rommert Dyk en Bert Koonstra) en it beneamen fan in nij lid en in reservelid foar de Kaskommisje:** Der wurdt besluten om it HB te ûnlêstigjen, dus om décharge ferliene. Rommert en Bert hawwe nei it Partijhûs west by Tjibbe Brinkman. Rommert wol graach syn komplimenten útbringe foar de ponghâlders en foar Tjibbe dat alles de picobello útsjocht. Ek tank foar de hearlike oranjekoeke!

Douwe Blom biedt him oan as nij kommisjelid, en ferfangt hjirmei ôftredend lid Rommert Dyk. Rommert wurdt tige tank sein. Jochum Meester tsjinnet him oan as reserve-kaskommisjelid foar de folgjende kear.

Piet Reitsma: “yn de taljochting stiet under punt 7 dat de ôfdracht nei de ofdielingen werom (nei beneden) brocht wurde kin. Dat giet mei in beliedsmjittige opmerking dy't der net heart. Hjir moat it bestjoer echt oer te set!”

Der komme fragen binnen fan Sybren, Olrik, Jochum Meester, en dy wurde beandere troch Jan en Tjibbe. De sifers wurde akkoart befûn nei dizze antwurden.

- 5) **Fêststellen Jierrekken 2019:** De ponghâlders fan it Haadbestjoer presentearjen in bystelde begrutting fan 2020 en de begrutting fan 2021. De begrutting wurde akkoart befûn.
- 6) **Partij meidielingen:** Foarsitter Wouter seit tank oan ôftredend Steatefraksjefoarsitter Corlienke de Jong. Hjirnei hjit hy nij Steatelid Rein van der Wal en earste opfolger Thom Feddema fan herte wolkom en winsket de mannen súkses.

Fakatuere HB: It HB kin ekstra bestjoersleden brûke, mar it driuwt noch net. Der komt noch in oprop dit oangeande yn de Frijbûtster.

Wouter fertelt dat kommend jier de FNP 60 jier bestiet! Piet Reitsma merkt op dat dit jubileum 60 jier gearfalt mei de riedsferkiezingen.

Liskje: Is der al in alternatyf foar Sulveren Fyts en de Miljeupriis? De Sulveren Fyts en de Miljeupriis binne fergallen foar dit jier.

Wouter: Fertelt oer PR kommisje, dat rint. De kommisje bestiet út Sijbe Knol, Wouter Wouda, Aant Jelle Soepboer en Chris van Hes.

Foarsitter Wouter lit op it skerm in taartpunt (diagram) sjen oer it ûntbrekken fan lykwicht fan de leeftydsopbouw ûnder de leden fan de FNP. Konklúzje: Wy rinne achter yn leden ûnder de 50 jier. Adfys PR kommisje oan HB: Leden ûnder de 25 jier fergees lid meitsje. Hjir giet it HB mei fierder mar dit is oan de leden, dus meinimme nei de folgjende AL. Goed idee, fine guont.

Bert Koonstra: Komt der stipe foar de ôfdielings fan de pr-kommisje by ferkiezings? Ja, it HB jout alle ofdielings twa flaggen mei de ôfdielingsnamme. De flagge wurdt presintearre. De hiele line oan pr-guod wurdt ferfongen troch nij spul.

SKOFT

7) Ynteraksjestik

Yn dit stik wurde der ynteraktyf petearen fierd mei ús fraksjefoarsitter (Sijbe Knol), mei ús deputearre (Klaas Fokkinga, online). Us senator (Gerben Gerbrandy) koe spitigernôch net oanwêzich wêze. It bekende wurklistpunt 'omfreegjen' wurdt yntegrearre yn dit ynteraksjestik. (In lûdsfragmint fan dit part is op te freegjen by it HB.)

- 8) **Sluten:** De foarsitter slút dizze AL om 16.00 oere. Der wiene yn totaal 57 dielnimmers.